



korrespondinsjeadres:
Ammerins Moss-de Boer (skriuwer)
Ingelumerdyk 20
9045 RD Bitgummole

mail:
bestjoer@skriuwersboun.nl

reachside:
www.skriuwersboun.nl

Ljouwert, 31-1-2024

Bêste Eke, achte frou Folkerts,

Tige tank foar it petear op 25 jannewaris. Wy hawwe ús oan elkoar foarsteld, oer en wer praat oer ús libbensrin, ferteld wêryn ús belutsenheid by it Frysk woartele is, wat de motivaasje is om ús yn te setten foar de takomst fan de taal. Dat gie plezierich en iepenhertich, en dus kin dit de start foarmje foar in goede ferstânhâlding yn de kommende fjouwer jier.

Lykwols, it iepen en ynhâldlik petear oer de takomst fan de Fryske skriuwerij dat wy ferwachte hienen, dêr is it net fan kaam. Nei de tasizzings dy't wy fan de foarige deputearre krigen, en benammen har ûnthjit om mei har opfolger/opfolchster te praten oer de krityske faze dêr't de Fryske skriuwerij yn ferkeart, hienen wy eins wol op sa'n petear rekkene. *Wy trune der op oan dat sa'n ûnderhâld mei gauwens dochs noch plak fine kin.* Wy stjoere de ynfo dy't wy ta tarieding op it petear fan 25-1 stjoerden opnij as taheakke mei dit brief, mei it driuwende fersyk om ien en oar (nochr) te lêzen.

In fraach dy'tstû oan ús steldest wie: As de Provinsje mear jild oan de Fryske Literatuer útjout, wa moat dan minder? Sawol de beslissing om oer it generaal minder jild út te jaan as in foarnimmen om minder jild te besteegjen oan guon organisaasjes of aktiviteiten, dy saken binne net oan ús. Dy ôfwagings moat de Provinsjale polityk meitsje. Wy witte wol dat de Fryske skriuwerij allinnich mar opbloei en fuortbestean sil wannear't dêr, benammen ek troch de Provinsje, struktureel mear jild foar útlutsen wurdt. En wy hawwe goede plannen foar aktiviteiten wêrtroch – mei yn ferhâlding beskieden middels – dy skriuwerij in flinke oantrún krijt.

Lykwols, wy pakke dy útdaging op. Wy sille besykje de Provinsjale polityk in "hifkingsramt" oan te bieden as helpmiddel foar prioriteitstelling: wat is nei ridlike ferwachting de meast effektive besteging fan Provinsjaal jild foar befoarderding fan Frysk lêzen en skriuwen? Dit hifkingsramt sil fansels neutraal wêze as it giet om it beneamen fan ynstitúsjes of organisaasjes. De te befoarderjen aktiviteiten sille sintraal stean. Yn 'e rin fan dizze maaitiid komme wy mei it hifkingsramt nei bûten.

Mar de fuortsetting fan ús petear kin en moat dêr fansels net op wachtsje. Wy tidigje op in nije útnûging op koarte termyn!

Mei freonlike groetnis,

Foar it bestjoer fan it Skriuwersbûn, Ammerins Moss-de Boer, skriuwer